

Port Betaald
Port Payé
Pays-Bas




KRITENIJS

F
R
Y
S
K

S
E
L
S
K
I
P

·
U
S

M
E
M
M
E
T
A
A
L
·
A
S
S
E
N



Oprjochte yn 1930

Winterskoft 2023 – 2024
nr. 3, maart 2024



Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! ¹⁾ Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:

*Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, ²⁾
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht ³⁾ en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich ⁴⁾ folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein.

1) tsjoch op = bliuw net stilsteane

2) betrutsen = yn gefaar brocht

3) sljocht = ienfâldich

4) trochloftich = Holl.: doorluchtig



Earebyld
dr. Eeltsje Halbertsma, Grou

*'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon*

Kolofon

Gearstalling bestjoer

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl

Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl

Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 10166002; ddb@planet.nl

- Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 1082 33

Leden: Sjoewe Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout), Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 06 19787284; anjehoogland50@hotmail.com

Jan Toering (korreksje- en oersetwurk), Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tel. 0592 370102; j.toering29@gmail.com

Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): Jeltje Geertsma, Sjoukje Jansma, bestjoersleden, redaksjeleden.

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238

- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932, b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920.

Oare adressen

It Frysk Boun om Utens; www.fryskbutenfryslan.frl
skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 26688684

www.heitelan.nl (stêden en doarpen)

www.afuk.frl

www.itnijs.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)



Ynhâld

- | | |
|--------------------------------------|------------------------------------|
| 1 Nammen en adressen | 9 It broedsje (ferhaal) |
| 2 Advertinsjes + lok-winsk | 10 Frou fan Lot, Jeruzalem, ensfh. |
| 3 Derbûten | 11 ferfolch + 'bernepraat' |
| 4 Foto's stampotbuffet 12 jannewaris | 12 Jan de Vries - bleatekop |
| 5 Ha jo it al heard | 13 ferfolch |
| 6 Ha jo it al heard | 14 De winter is fertige |
| 7 Twa gedichten | 15 advertinsjes |
| 8 Utnûging Fryske Kwis op 19 april | 16 Bûsboekje + wiisheden |
- Kaft: advertinsjes+Fryske plaknammen

Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

**Dealer van
SPARTA-RIH**


B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237

 **Friese-producten.nl**
Online Friese kado's

Webwinkel met meer dan 500 Friese artikelen. Vandaag besteld, overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl 06-53259385

Der binne mar twa dagen yn it jier dat wy neat dwaan kinne:
de iene is juster en de oare is moarn!
Dit betsjut dat it hjoed de dei is om yn leafde te leauwen,
om leaf te hawwen en sa werklik te libjen!

Carpe Diem – alle goeds foar hjoed!



VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJKE

BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvanveen.nl
www.tppvanveen.nl

Derbûten

“Komkommertiid”

Witte jim noch dat ik in kear skreaun ha oer nylguozzen? No, sy sitte wer by ús yn 'e fier. Ik tink dat it in spantsje is. En at ik troch it keukenraam sjoch sitte se myn kant út te sjen, sa fan: “Hast ús wol sjoen? Is der noch wat patat fan sneintejuân oerbleaun? Dêr ha wy wol sin oan. Wy ha in goed ûnthâld hear”. Moai net. Max moat der aanst mar efkes hinne mei wat patat. Ha ha ha. Oh, se sitte no al op 'e wâl.

Fan 'e moarn moast ik nei de fysio. De spieren efkes goed oan 't wurk sette, ja, je moatte de boel bûchsum hâlde. En at ik dan klear bin en de jas oan doch, kin ik noch efkes Frysk prate mei Annie. Hoe moai kinn' je 't krije.

Op **freed 19 april** o.s. komt **Gerrita Otten** nei Hooghalen om mei ús in Fryske Kwis te dwaan. Fierderop yn dit Kritenijs kinne jim lêze hoe en wat. Fansels hoopje ik wer op in grutte opkomst, ek om't jim in hiel soad witte oer Fryslân.



No't ik dit skriuw (8-2) binne wy al wer ien wike yn febrewaris. Minsken, minsken wat giet de tiid hurd.

Komkommertiid wie de tiid yn 'e simmer dat de kwekers it drok hienen, wylst it op oare fakgebieden minder drok wie; der wie dan minder nijs wat wearde hie. Ik ha it boppe dit stikje set om't ik ek net folle nijs te fertellen ha. Jim kinne it ek lêze, want ik 'rin fan 'e koarstekoeke nei de jenever'. Fansels is der op 't heden nijs genôch, mar in soad dêr't je net fleurich fan wurde. Gean mar foar it sjoernaal sitten en je binne hielendal op 'e hichte.

Mar ik wol net tryst ôfslúte, want der barre ek noch in hiele protte fleurige dingen: froulju dy't swier binne, wer oaren ha krekt in lytse poppe krige, (oer)pake of (oer)beppe wurde. It soarchsum en nuodlik wêzen foar elkoar, in tillefoantsje, in ferske, in kaartsje, in glimke. En straks ferskynt it grien en bloeie de blomkes wer. Dat is allegear fergees. Skitterend.



De komkommers kinne wy no oer 't hiele jier yn de winkels fine en de nylguozzen binne wer fuortflein. Se woenen net langer wachtsje op de patat fan Max ...

Ik wachtsje wol op jim op freed 19 april o.s. want it foarútsjoch is dat wy dan in hiele fleurige middei hawwe sille.

Oant dan.

*Groetnis,
Teatske*

Stamppotbuffet

Wat wie it in moaie middei/jûn op 12 jannewaris yn Hooghalen. Ien en al geselligens en hearlik iten. De stampotten wiene wer goed fersoarge en ree makke. En moai om te sjen dat der sa'n goeie opkomst wie. Prachtich!!!! Hjir ûnder noch wat moaie foto's.



Ha jo it al heard



- dat de wettertoer yn Sint Jabik “Bêd en brochje” wurdt. “Echt een fenomenaal uitzicht”. It soe samar kinne datst dy wolris dûst hast ûnder wetter ôfkomstich út de wettertoer yn Sint Jabik. Yn dyselde toer kinst meikoarten sliepe en de wide omkriten oersjen.

- dat op ferskate plakken yn Fryslân boeren en oare minsken oan it protestearjen binne. Sy sympatisearje mei de boere-aksjes dy’t ek yn oare Europeeske lannen plakfine. Yn app-groepen waard oproppen om te sammeljen op ferskate lokaasjes by de A7, lykas yn Drachten, Snits, Boalsert, Surch en op It Hearrenfean en De Jouwer.

- dat de earste fleksflitspeal fan Fryslân in feit is. Koartlyn stiet der sa’n flitspeal by de N355 by Boerum.

- dat de muskusrôt yn Fryslân op syn retoer is. Ferline jier waarden troch Wetterskip Fryslân 356 eksimplaren fongen tsjin 435 yn 2022. In 1993 waarden noch mear as 100.000 fangsten meld. Benammen de ynset fan in ynnovative (= fernijende) DNA-metoade makket it speuren nei de lêste muskutrotten in stik ienfâldiger.

- dat keunst fan eks-dakleazen in ferhaal fertelt: “It binne gjin loaie minsken sûnder dreamen”. Mei fleurige kanvassen, fotoportretten en skilderwurken, mei dizze keunst-objekten wolle eks-dakleazen de foaroardielen fan dakleasheid weinimme. It stigmatisearjende byld fan in ferslaafde smoarge man op in bankje en negative reaksjes út de maatskippij moatte plakmeitsje foar mear begryp en help. Under de namme “Van buiten naar Binnen” litte de keunstners harren wurk sjen yn it Obe-paviljoen yn Ljouwert.

- dat de provinsje Fryslân 150 miljoen euro krije kin om de natuer te ferbetterjen. Dat docht bliken út de foarriedige ferdieling fan de 1,28 miljard euro dy’t it demisjonêre kabinet dêrfoar frijmeitsje wol. Ministers Piet Adema (Lânbou) en Christianne van der Wal (Stikstof) ha de ferdieling nei de Twadde keamer tastjoerd.

- De toan fan Henk van der Veer is: *“De verschrikkelijke schoolmeester”. “We sitte middenin de Nationale Voorleesdagen dy’t noch tot en met saterdag 3 febrewary anstaande dure. Fan jongs ou an, ik durf wel te sêgen fanou de moederskoat bin ik overgoaten met foarlezen. Ik hew ut dan nyt oer ut foarlezen út ’e Annie M.G. Schmidt har Jip & Janneke-boeken, mar ut plechtech foarlezen út ’e Bibel en de skeurkalenderboekjes met de fraaie titel ‘Kruimkens van ’s Heerentafel’. En dat allemaal in ’e Tale Kanaäans. Dat gebeurde in ’e jaren ’50 en ’60 fan ’e twintechste eeuw op groate skaal in Protestaans Nederlaan”.*

- dat der in streek kin troch de plannen foar in fleanfjild yn de mûning fan de rivier de Taach by Lissabon. En dat is hiel goed nijs foar de skries. Natuerbeskermers yn Portugal, mar ek yn Nederlân, hawwe har jierrenlang ferset tsjin de komst fan it nije nasjonale fleanfjild.

- dat Jan Ettema (28) yn Denemarken nei eigen sizzen better Frysk as Nederlânsk praat. As jonkje fan sân jier ferhuze er mei de famylje fan in pleats yn Koatstertille nei in pleats yn Jutlân. Se kamen te wenjen by Rønbjerg. We binne no sawat tweintich jier letter. Jan is nei syn stúdzje hingjen bleaun yn de universiteitsstêd Aarhus. Hy wurket as business-analist yn de finansjele sektor.

Der binne wol deeglik ferskillen tusken it Frysk en it Deenske folk, fynt Jan. “Friezen meie graach prate, dingen fertelle oer harsels. Makkest samar in praatsje mei ien op ’e dyk. Denen binne mear op harsels. Friezen stûf? (= koppich en net maklik yn ’e omgong.) Dan hast de Denen noch net sjoen”, seit Jan laitsjend.

- dat de lêsfeardigens fan Friezen op in noch leger nivo leit as op oare plakken yn Nederlân. Om foar te kommen dat letterswakte in struktureel probleem wurdt is it ‘Fries Lees offensief’ opset. Likernôch ien op de sân folwoeksenen yn Fryslân kin net goed lêze of skriuwe en 25 prosint fan de Fryske jongerein rint it risiko om ‘leechlettere’ de skoalle te ferlitten.

- dat in frou út Snits in wurkstraf krigen hat fan 40 oeren, omdat se pisse hat yn in plysjesel. Se hat ek plysjes útskolden. “Ik kreeg een kronkel in mijn hoofd”, sei de 30-jierrige frou tsjin de rjochter. Se hie de plysjes dy’t har oanhouden hiene û.o. útskolden foar “vuile kankerratten” en “teringlijers”. Ien fan de plysjes skopte se tsjin de skonken en se flibe nei in oar. Se wie oanhouden, omdat se in rût fan in wenning fernield hie.

- Wês in sinnestriel, in oar hat der ferlet fan.

- In bytsje en dat goed, is better as folle en dat tsjoed.

*De jonge dy't sinten fertsjinnet
dy wurdt noch wolris ryk.
Dy't faak op syn horloazje sjocht
giet meastentiids wol lyk.
De jonge dy't hiel moai is
dy neame wy de kreaste
mar de jonge dy't mei dy giet
dy treft it noch it measte.*

Bêste Kriteleden: **in moaie maitiid tawinske!**

Groetnis,

Jan fan Beets



Unyk!

Licht is in flinter,
grutsk is in pau,
meager de wynhûn,
in baarch is grou.



Keal is de kikkert,
drok is in spin,
boartlik it fôltsje,
nijsgjirrich de hin.

Bliid is in protter,
ûnskuldich in pyk,
sterk is de buffel,
mar do? Do bist unyk!



(Berber van der Geest)



Thús komme

Ast' yn frjemde lannen bist:
dus alles ûnder Swol,
is it prachtich Frysk te hearren
lûd fan thús,
griene greiden
ljip en skries
wite wolken
fiergesichten,
sels it brykpraat
út de Wâlden
rint as muzyk
dyn earen yn!

en as ik nei ferstjerren
wer wekker wurde mei
hoech ik my nea wer
te ferbrekken
dêr kin alles Frysk ferstean
en mei fjurrige tongen
sprekke

Foar altyd bin ik
oeral thús.

(Bartle Laverman)

Útnûging foar in Fryske kwis



op freed 19 april 2024 yn 't Haalerhoes

om 14.30 oere



Gerrita Otten komt del om jim kennis te testen oer Fryslân.

Bygelyks: Leit Drachten op de rûte fan de âlvestêdentocht? Wa hat Afkes's tiental skreaun? ensfh. Ik wit net at dit fragen binne dy't sy jim stelle sil, hear, ik ha mar wat betocht ...

Ik ha fan dizze en jinge heard dat Gerrita der in hiele gesellige middei fan makket.

It is in kwis oer Fryske taal, skiednis, muzyk en mear ...

Der binne spulrondes mei fragen, mei plaatsjes en mei lûdsfragminten.

Teams bestean út trije of fjouwer persoanen; it lot bepaalt mei wa't jo spylje!

Hokker team wit de measte antwurden, wint de earste priis en Fryske rom?

Kom nei in kwismiddei fol útdaging en geselligens!



By ynkomst freegje wy **€ 5 euro p.p.**

Dêr krije jim in hiele noflike, gesellige middei foar en in pear bakjes kofje/tee mei wat derby.



NET STINNE, HJIR HINNE



FRYSKE KWIS

6. Wêr giet dit fragmint oer?
7. Wat sjongt hjir?
8. Wa ropt hjir?
9. Wa praat hjir?



It broedsje



Ferhaal út *No moast hearre fan Gjalt de Groot*

-folder mei syn prachtboeken kinne jo op 19 april besjen!

Willem wie njoggen en wenne mei heit en mem, twa bruorkes en in suske op in spultsje op De Wierren ûnder Tersoal. It wie sa'n echt bûtendoarsmantsje en as it nei de aai-sikerstiid rûn, doarme er al fier foardat der in aai fûn wie troch de landerijen, sa yn de omkriten fan Tersoalster Brekken. Ferline jier hie er seis ljipaaien fûn, dy mei de karrider mejûn nei Snits en sa syn eigen earste jild bard.

Swalkjend troch de lannen, oer it set fan Bangefeart, gie er rjochting De Smarpot om in nest eine-aaien. Mar doe rûn er yn Elzinga's 'hoklin Seize' samar op in broed ljipaaien. Ooo ... hoe wie it mooglik ... in broed ...! en foarsichtich kamen de aaien yn de pet.

Doe fansels fuort op hûs oan. Mem bearde oer in wûnder ..., rôp de hiele húshâlding byelkoar en sei: "Wy meie de Hear wol tankje, der binne yn Fryslân hast noch gjin aaien en no fynt ús Willem al in broed. Ja, wa wit, faaks bist de earste hjir yn ús gemeente dy't in ljipaaï fûn hat. Willem, do moast de stap deryn sette, rin nei Raerd en biedt it de boargemaster oan. Mocht it net it earste aai wêze, boargemaster fan Bijma thoe Kingma is slij nei ljipaaïen en jout de heechste priis foar betide aaien. Do witst wol wêr't de boargemaster wennet, no Willem? Lêste hûs rjochts oan de Slotsdyk op it Raerderbosk oan."

En Willem sette de stap deryn. Rûn grutsk troch Poppenwier en doe de Poppenwiersterdyk del, op Raerd ta.

Jaaa ... dizze aaien dêr barde er grif in gûne it stik foar. Ooo .. jaaa, dat betelle de boargemaster der samar foar. Dat wie dan fjouwer gûne. Foar dy fjouwer gûne koe er wol in nochteren kokeal keapje. Sa'n keal wie it jier derop in hokkeling en koe dan by boer Kiestra wol foar de bolle. De oare maitiids kealle dat bist en dan hie er in rier en in keal! It jier dêrop bringt dat rier wer in kokeal as it goed beslacht en ha 'k in twinterrier, in hokkeling en in keal.

It jier dêrop wurdt it in treddekeals ko, it hokkeling wurdt in rier, it keal in hokkeling en ik ha noch twa keallen. En dan it jier dêr wer op ha 'k in ko, in twinterrier, in rier, twa hokkelingen en trije keallen.

En sa rinnendewei, drok rekkenjend, wie er no al tsien jier foarút doe't er tichteby Raerd dominy tsjinkaam.

"Soa Willem", sei dominy.

"Dach dominy", sei Willem en naam út gewoante de pet ôf.

Mar ... och heden ..., dêr ploften syn fjouwer ljipaaïen op 'e stiennen.

Alderferskuorrendst sa't Willem stie te gûlen ...

"Jonge, dat is ek wat", sei de dominy; "dy fjouwer ljipaaïen bist kwyt, mar moatst dêr no sa ferskriklik om gûle?"

"Fjouwer ljipaaïen!", snokkere Willem, "fjouwer ljipaaïen. It is folle slimmer! Ienen-tweintich kij, trettjin rieren, tweintich hokkelingen en fjouwerentritich keallen nei de barbysjes. Wat miene jo!"



Frou fan Lot, Jeruzalem, Negev, Mar fan Galilea, ensfh.



De Joadske mienskip op 'e Gordyk wie oan 'e ein fan de Twadde Wrâldoarloch al lang oer har hichtepunt hinne. Yn de lêste desenniums foar en nei 1900 binne in soad Joadske boargers ôfset, foaral om reden fan de ekonomy. Yn de tritiger jierren wiene der noch mar in pear famyljes oer.

Oan 'e ein fan de achttjinde iuw telde De Gordyk 29 Joadske ynwenners, yn 1809 wiene it 47. Sûnt 1807 hiene se in eigen synagoge/sjoel oan de Langewâl (3), in eigen begraafplak oan 'e Dwersfeart yn Koartsweagen, in eigen earmhûs en in eigen skoalle.

Ein njoggentjinde iuw naam de Joadske mienskip op 'e Gordyk yn omfang ôf, doe't in protte Joadske hannelers nei it Westen fan ús lân ferhuzen. Yn 1860 hie de Joadske mienskip 187 leden, by it iuwfeest fan de synagoge yn 1907 noch mar 85.

Nei de Twadde Wrâldoarloch kocht de Gemeente Opsterlân de fertutearze synagoge en spitigernôch ha se him yn 1953 ôfbrutsen. Wat restearret op 'e Gordyk is no allinne mar de namme "Sjoelstrjitte".

Op 4 maaie 1956 wie op 'e Gordyk de ûntbleating fan it Joadske monumint op it âlde postkantoar by de Haadbrêge. De yn Ra'anana (Israel) wenjende Abraham Godschalk lies dêr mei spesjaal omtinken oer yn in Israelyske krante. Hy is nammentlik yn 1906 berne op 'e Gordyk as soan fan boarstelmakker Mozes Abraham Godschalk! Op 'e Gordyk is no in strjitte mei de namme "Ra'anana".

Troch de ynset fan Godschalk ûntstie yn 1962 de earste sportútwikseling tusken "v.v. Gorredijk" en "Hapoël Ra'anana" en by de tsjinbesite yn maaie 1963 waard de offisjele freonskipsbân tusken Ra'anana en Opsterlân ûndertekene troch de twa boargemasters. Wy wiene dêr as fuotbalteam by!

Foar f 250,-- (sa'n 100 euro!) krigen wy as fuotbalteam de gelegenheid om trije wike yn Israël ta te hâlden. Wy waarden allegear ynkertiere by ynwenners fan Ra'anana. Ik kaam by famylje Garber, in widdofrou mei twa ynwenjende folwoeksen bern: dochter Ghana en soan Moshe. Ghana hie krekt ûnder tsjinst west en Moshe wie by myn ferbliuw soldaat, sadat dy allinne yn it wykein thús wie.

Om't in pear jonges fan ús team net mei koene of woene, giene in pear gastspilers út Bakkefean en Oerterp mei, mei û.o. Riemer van der Velde, dy't letter ferneamd waard as foarsitter fan "S.C. Heerenveen".

Yn in bus mei in hiel goede reisliedder hawwe wy it hiele lân trochkrúst en ûnder de bedriuwen troch ha wy fiif fuotbalwedstriden spile tsjin klups as “Hapoël Ra’anana” en “Hapoël Kyriath Ono”.

De grutske reisliedder liet ús in hiel soad sjen fan syn lân. Wy wiene yn in kibboets, in Arabyske delsetting en in synappelplantaazje. Wy hawwe dreau yn/op de Deade See en fearn op it Mar fan Galilea en om’t wy twa dûmnys yn ús selskip hiene, learden wy ek in soad oer de bibelske ferhalen. Sa binne wy noch tsjin de frou fan Lot (1 en 2) opklattere, wiene wy yn Jeruzalim by de Kleimuorre (4) mei syn wigeljende otterdokse Joaden mei harren Thora, seagen wy de gouden rotskoepel op de Tempelberg en wiene wy yn de Negevwoestyn. In bjusterbaarlike, ûnferjitlike reis!



4

(lang ferlyn oanlevere troch Anne V)

‘Bernepaat’

Mem en dochter (3) wiene oan it fytsen. It wie frij kâld. Troch de kjeld krige it famke triennen yn ’e eagen. Lilc sei se: “Mem, it docht ergens sear, mar ik wit noch net wêr”.

De twalingbruorkes Hylke en Piter sitte yn ’e tobbe by pake en beppe. Pake hâldt fan in stoel ôf in eachje yn ’t seil. Hylkes’ reaksje: “Bisto de badmaster?”

“Ik soe in nei bruorke krije om mei te boartsjen, mar it ienige dat er docht is sliepe en gûle”.

Elke heit of mem wit hoe’t men bern leare kin om griente te iten: sizze dat it ferkeard foar dy is ...

“Us mem seit soms dat ik myn skoech oan de ferkearde foet doch. Mar it is ommers myn eigen foet!”



Jan de Vries - Bleatekop



Jan de Vries, eartiids feehanneler yn Hoarnstersweach, hie syn bynamme Bleatekop krige omdat er altiten sûnder helm op de motor ried. Yn kafee *Het Witte Huis* yn Donkerbroek einige Jan syn dei altiten. Dêr hold er kantoar en ûntfong er syn relaasjes.

- As snotbongel skarrele Jan yn de krisisjierren –de tritiger jierren fan de foarige iuw– moai wat foar syn âlden byinoar. Hy woe himsels wiermeitsje. Trochdat er thús nochal eigensinnich wie, waard er it swarte skiep fan de famylje. Doe’t er folwoeksen wie hat er him ûntervje litten.

Hy hannele yn alles wat mar los en fêst siet: piken, kninen, fodden, hynstehier en sels ikels foar bargeboeren. Alles is hannel, wie syn motto. Hy siet in kear te melken mei syn frou Trienke, doe’t der in boer delkaam dy’t syn hynder keapje woe. Dy boer bea 25 gûne mear as dat it hynder Jan koste hie. Hy woe it hynder fuortendaliks meinimme. Jan joech fuort gelok, mar Trienke appellearre heftich, se moasten ek noch nei hûs. Doe spande Jan in ko foar de wein, sa te sjen fûn de ko it prachtich. Yn de pleatslike krante waard dêr de spot mei dreaun. De Vries, sa stie it der, wie sa’n earne boer dat er it wurk fan in hynder troch in ko dwaan liet.

- By Marcus Popkema oan de Biskop by Bakkefean, mear bekend as brike Marcus, kocht er yn de oarlochsjierrren ris in baarch fan 600 pûn, yllegaal, om’t Marcus it ferdomde om oan Hitler te leverjen. It bist waard klandestyn slachte. Dat wie doedestiids hast in halsmisdriu. Kontroleurs krigen lucht fan dy transaksje en Jan moast foar it rjocht. Mar foardat er him melde moast, kocht er gau in fergelykbere baarch by Pieter van der Meulen oan de Wynterperfeart. Nei’t Jan en Marcus ûnderfrege wiene, moasten se ûnder plysjebegelieding mei de amtners nei de pleats fan Jan. Der waard wol twivele oft dy tsjokke baarch wol deselde wie, mar brike Marcus liet him op de knibbels sakje en sloech de earms om it bist hinne en sei sabeare oandien: “Och myn leave jonge, mienden se no wier dat ik dy slachtsje litten hie?” It rûn dus goed ôf.

- Jan hat ek alris in stunt sa brutaal as in hûn úthelle. Lânwachters yn Meppel hiene in frachtwein oanholden mei tsien fan syn kij en brochten dy nei in sketstâl. It wie in hannel sûnder papieren. Jan en syn feehannelers hellen de kij nachts stikem wer op út de stâl. Dy stunt waard him troch de autoriteiten net yn tank ôfnommen. Foaral de lânwachters en de NSB-amtners hiene de pik op him yn. Jan waard fûgelfaai ferklearre. Hy moast in poas ûnderdûke, mar hy waard pakt en doe hat er twa moanne yn de finzenis fan Ljouwert sitten en moast er libje op stokfisk mei wettersjû.

- Hy hat ek wolris oan it keppeljen west. Sa keppele er ris in kear in frijfaam en in frijfeint oaninoar. Jierren letter trof er dy boerinne ris, wylst sy oan it skoffeljen wie. Jan frege hoe’t it mei harren gie. Net bêst, sei hja, want se hie har man dy moarns dea op bêd oantroffen. Dy lei der noch, sei se, want ik wol earst it hûs en de tún yn oarder ha foardat ik de dokter komme lit.

Nei de oarloch hat Jan namme makke as ynternasjonale feekommissaris. Hy eksportearre ûnder mear nei Grikelân, Frankryk, Italië en Perû. Mei Lúksemboarch die er eksklusive saken. Dêr allinne al giene tsientûzen kij hinne.

Hy stie as hanneler bekend as immen mei gefoel foar kwaliteit. By de koöperative feeôfset hiene se him graach ha wollen, mar dat woe Jan net, hy woe frij bliuwe. Minsken yn leantsjinst wiene neffens him net skerp genôch foar de hannel. Dy joegen te gau belies. As hy fee foar syn eigen buorkerij kocht, stelde er de heechste easken. Fokke is in keunst op himsels, hiel oars as hannel. In betûfte fokker sjocht nei de sjarme fan in ko. Hy hat wolris meagere kij kocht fan sobere boeren. Hy seach altiten twa jier foarút en dan stie der in kampioen.

De doedestiids bekende fokker Tiede van der Ploeg koe derfan tsjûgje: “Jan sjocht mei in skean each wat in bêste ko is. Sa tûk is dy man. En ûnfoarstelber fluch. Hy is legindarysk yn 'e hannel, sa is der gjin twaddenien. Mar dat is ek de haksine (*achillespees*) fan Jan, hy kin in moaie ko mar min stean litte.”



Jan de Vries wurdt op de Gordykster feemark tasongen (boarne: Gorredijk Historie)

As strykjildskriuwer bedarre er yn de ûnreplikguodhannel. Hy hat in kear in pleats fan fiif miljoen gûne ûnder hannen hân. Dat wie doedestiids in protte jild. Yn prinsipe ha je gjin dûbeltsje nedich om saken te dwaan, neffens Jan. Keapje mei kredyt fan de bank en wer ferkeapje foardat de rinteklok begjint te tikjen.

- Boarne fan dit ferhaal: de *LC* fan 31 jannewaris 1998, mei tank oan Tine (dochter fan Jan de Vries).

Jan de Vries hat syn libbensferhaal op papier set yn it boek *In alle wateren gewassen*.

De winter is fertige

út: Fryslân sjongt (nr. 45)

De winter is fertige, de maitiid komt wer oan,
de maarteblomkes nige har sulv'ren blommekroan.
De ljippen wjukkeldraaie,
de ljurk sjongt heech en bliid
ta 't feest van Fryslâns maaie,
ta jongfolks willetiid!



De blommen fan ús mieden
betsjoene it hert sa licht,
yn klank fan klokkelieden
rûst lokjend leafdedicht.
Fereale fûgelkoaren,
tear reach fan ljochte dream,
trúnje oan ta 't dryste doaren
ta 't jaan yn libbens stream.



Us marren winke en blinke,
de reidkraach reauntet blier,
yn wolkeloftern sinke
ús eagen djip en fier.
De jonkheid brúst sa derten,
it bloed slacht wyld en fel,
wy tsjogge oer alle swetten,
iens komt de frede del.



Bouwbedrijf Rotteveel B.V.
Broeklaan 22, Assen 0592-355278
www.bouwbedrijfrotteveel.nl

Dorpshuis 't Haalerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.

Ruime parkeergelegenheid.

Praktisch alles is mogelijk.

Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987

Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen



Om yn jo bûsboekje te setten

Sneon 16 maart, fan 10.00 oere ôf

K FBoU Algemiene ledegearkomste en Moetings- en Ynspiraasjemiddei. De Schalle, Nijeveen en

*om **16.00 oere**: jubileumfeest Krite Waling Dykstra (Meppel), û.o. mei Piter Wilkens.

Freed 22 maart, 14.00 oere

Easterwâlde, 'De Miente', Geert van Tuinen mei: "Libje yn in jongensdream".

Snein 24 maart, 11.00 oere

Fryske ferskes sjonge (foar elkenien), Ons Dorpshuis, B. Boermalaan 4, Eelde/Paterswolde (meiride? Anje Hoogland belje; 06 1978 7284).

Freed 19 april, 14.30 oere

Krite Us Memmetaal, Fryske kwis mei Gerrita Otten, yn 't Haolerhoes, Hooghalen



**Kopij foar it maaienûmer kin oant en mei moandei
6 maaie 2024 ynlevere wurde by de redaksje**



Wiisheden

- Dy't hurd rint dy sjocht it net en dy't stadich rint dy tinkt der net oan.
 - It jout gjin wille alles te witten. Jo kinne better ris wat ferjitte.
 - De grutte freugde om de lytse dingen is it lytse geheim fan it grutte lok!
 - Immen is krekt folwoeksen as er om himsels laitsje kin.
 - As de polsstôk net sa lang is, mij dan de wide sleatten.

SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn

- sûnt 1876 -
Huodden - Petten - Moade-akcessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

Fryske plaknammen

Kinne jo de Fryske plaknammen betinke en infolje?

1. As jimme dizze hichte net wat oanstampe, dan bliuwt it in
2. De jonge klyster fladdere in eintsje en wipte doe fluch ûnder de
3. Moatst net sa frette, wurdst fierstenste
4. Nee, net yn 'e nije krite, mar yn it
5. Krinterich, sa ha jo net: hy wie fan

6. Wiete woarst hoech ik net, jou my mar
7. Ik wit net mear op hokker side ik dat
8. Ofpraat, dan binne wy it
9. Ik hie it oer in bosk, ik ha it nea
10. Hy miende dat it bearenburch wie, mar it

11. De bern hawwe yn it hege gers omrûn, se hawwe alles
12. Dizze hat in fin mear as in
13. Under de mosken fynt men wolris in
14. Dy ljedder is slop, it leit him oan
15. "Sa'n swiere keardel is my neat," sei Tsjalling, "ik kin wol in oan.

16. Hy loerde op in kâns om it yn hannen te krijen en dy ynienen in
17. Der wie fierder noch net ien, dus wy wienen te
18. De wyn oer lân bringt ús
19. De bus stoppe hommels, want Rinze moast út
20. De parren binne bêst groeid, mar fierder wie der in soad

– De antwurden steane op de efterside –



Feestje, verjaardag, bruiloft, jubileum, BBQ, buurtfeest?



Mercurius Catering verzorgt graag en goed uw feestjes en/of bedrijfsuitjes. Van bbq tot compleet buffet: wij draaien onze hand er niet voor om. Alles vers geleverd bij u op het werk of bij u thuis. Ook voor een sfeervolle inrichting kunt u bij ons terecht. Succes verzekerd!



Thuis een tap nodig? Ook dat kan. Wij verhuren speciale taps voor thuisgebruik. Mercurius Catering neemt graag de regie voor u uit handen voor uw feest in overleg met u. Samen met u maken we geheel vrijblijvend een voorstel voor uw feest.



Mercurius Catering
Ketellapperstraat 22
9403 VR Assen
0592 - 317755



facebook.com//MercuriusCatering
twitter: @deBBQSpecialist

Nu ook
mobile
musicbox
te huur



www.mercuriuscatering.nl

Antwurden fan de Fryske plaknammen (sjoch foarige side)

- | | | | |
|-----|-----------|-----|-----------|
| 1. | Moddergat | 11. | Ferwâlde |
| 2. | De Wylgen | 12. | Bears |
| 3. | Grou | 13. | Wikel |
| 4. | Aldegea | 14. | De Trieme |
| 5. | De Knipe | 15. | Lichtaard |
| 6. | Droegeham | 16. | Skoat |
| 7. | Lies | 17. | Gau |
| 8. | Iens | 18. | Easterein |
| 9. | Oerterp | 19. | De Broek |
| 10. | Wierum | 20. | Appelskea |

